



Tydskrift foar Fryske Taalkunde

jiergong 1 (1985)

nû. 1





De yndieling fan 'e fokalen yn 'e Fryske spraaklear
fan Rasmus Rask

SIEBREN DYK

Yn 1825 ferskynde yn Keappenhaven in grammatika fan it Frysk, of better sein fan it Aldfrysk.* De gearstaller wie de Deen Rasmus Rask, dy't yn 'e skiednisboekjes fan 'e taalkunde in plakje krige hat as ien fan de stifters fan 'e histoarysk-ferlykjende taalkunde. Yn it earste haadstik fan 'e Frisisk Sproglære behannelet er de klanklear, doetiids noch "letterlear" ("Bogstavläre") neamd. It haadstik bestiet út fjouwer paragrafen, te witten "Skrivningen", "Udtalen", "Bogstavforandring" en "Bogstavovergange". Se geane om it rûchwei te sizzen oer stavering, útspraak, fonologyske alternânsjes en klankkorrespondinsjes mei oare talen. Yn it neifolgjende behein ik my ta de twadde paragraaf.

Rask begjint mei te sizzen dat it fêststellen fan 'e útspraak fan in deade taal net tafalt. Mar op grûn fan oerienkomst mei it Noardfrysk, Hollânsk, Angelsaksysk en Yslânsk doart er mei frijwat wierskynlikens ek foar de Aldfryske klinkers wol twa útspraakfarianten oan te nimmen:

"Ifølge heraf have Selvlydene uden Tvivl haft en dobbelt Udtale, nemlig en højere eller klarere eller ligesom åben (ouvert), der ikke betegnes uden med det blotte Bogstav, og en lavere, dunklere eller ligesom lukket (fermé), der tilkjendegives med Tonetegnet." (s. 7-8)

(As gefolch dêrfan ha de lûden sûnder mis in dûbelde útspraak hân, nammentlik in hegere of helderder of om sa te sizzen iepene (ouvert), dy't inkeld mei de keale letter oanjûn wurdt, en in legere, donkerder of om sa te sizzen slettene (fermé), dy't oantsjuttingen wurdt mei it skerpteken)

It giet der yn dit artikel om om út te finen wat Rask krekt mei de beide útspraakfarianten op it each hân hat,

want út de Frisisk Sproglære sels is dat net botte dúdlik. Mar lokkigernôch hat er him op oare plakken oer deselde kwestje wiidweidiger útsprutsen. De adjektiven dy't brûkt wurde om it ferskil te karakterisearjen binne dêrby net altyd gelyk. Yn de Retskrivningslære (s. 42) bygelyks ûntbrekt it pear "højere/layere", dêrfoaroer brûkt Rask dêr it pear "smalle/brede".¹ En yn de Undersøgelse (AA,I, s.71) wurdt de kombinaasje "enkelt, jævn og høj" (inkeld, gewoan en heech) foar de iene fariant brûkt, en "dyb og tvelydagtig eller lukt" (djip en twilûdachlich of sletten) foar de oare.

It pear "enkelt-tvelydagtig" fettet eins hiel aardich gear wêr't it ferskil yn wêzen om liket te gean. Yn de Undersøgelse (1814) wurdt dat bygelyks sa formulearre:

"Enhver Selvlyd har en dobbelt Beskaffenhed, (...) som (...) bestaar deri at den første oprindelige Lyd fordybes og dertil føjes en svag Medlyd v, j, (w, j)." (AA,I,s.71)

(Elke fokaal hat in dûbeld aard, dat dêryn bestiet dat de foarste oarspronklike klank him ferdjippet en der in swakke konsonant v, j, (w, j) oan taheakke wurdt)

En yn de Retskrivningslære (1826) hjit it op s.42:

"Smalle og brede ere også Benævnelser, der ikke upassende bruges til at skille de rene Selvlyde fra dem, der ligesom indeholde en skjult Medlyd, og altså blive et Slags hemmelige Tvelyde (crypto-diphtongi)."

(Smel en breed binne ek termen dy't brûkt wurde kinne om de suvere fokalen te ûnderskieden fan dyjingen dy't om sa te sizzen in ferburgen konsonant yn hawwe, en sa in soarte fan bedutsen twilûden wurde (crypto-diphtongi))

De beide boppesteande oanhellings wurde fan Rask tepasbrocht op respektyflik it Yslânsk en it Deensk, mar yn 'e neifolgjende passaazje út 'e Undersøgelse brûkt er it ûnderskied yn 'e fokalen minder taalspesifyk:

"Endelig kan man ogsaa dele dem (= de fokalen, S.D.) i de lukte og aabne; de lukte ende ligesom med en svag Medlyd, der gjør Forbindelsen med en følgende Selvlyd let og behagelig, de aabne derimod ende med deres egen Lyd, hvorover det giver en slæbende og skurrende Klang, naar en anden Selvlyd kommer umiddelbar efter."

(AA,I,s.62)

(Uteinliks kin men harren ek opdiele yn 'e slettene en de iepene; de slettene einigje om sa te sizzen op in swakke konsonant dy't de ferbining mei in folgjende fokaal maklik en oangenaam makket, de iepene dêrfoaroer einigje op har eigen klank, dy't in slepend en skjirjend lûd jout at in oare fokaal der fuortdaliks achteroan komt)

It ferskil tusken de beide farianten sit him hjiryn dat de iene suver monoftongysk is en de oare twilûdachlich, wêrby't de eigentlike fokaal folge wurdt fan in healfokaalachlich elemint. Dêrby wurdt dy fariant noch wol dúdlik ûnderskaat fan de suvere twilûden, sa't út de behanneling yn de Undersøgelse (AA,I,s.62) en de Ret-skrivningslære (s.42-43) bliken docht. Nammers ek yn de Frisisk Sproglære wurde de diftongen apart neamd (s.9).

De karakteristike termen om it ûnderskied tusken de fokalen mei oan te tsjuten lykje foar Rask "iepen" en "sletten" te wêzen. Lestich is dat Rask yn 'e rin fan syn karriêre krekt dy termen omwiksele hat. Yn it hân-skrift fan de Undersøgelse, dat fan 1814 is, hiene dy wurden noch in omkearde ynhâld. At dat antwurd op de priisfraach fan Det Kongelige Danske Videnskabernes Selskab oer de oarsprong fan de âlde Skandinaafske taal úteinlik yn 1818 útjûn wurdt, ferantwurdet Rask de fer-oaring yn in Tillæg og Rettelser (Taheakke en Ferbet-terings). De oanbelangjende passaazje haw ik allinnich ta myn foldwaan yn de Dútske oersetting fan AA,III,s.76:

"In diesem Stück habe ich den breiten Selbst-lautern, welche einem schwachen Mitlauten zu endigen scheinen, den Namen "offen" (aabne)

gegeben, weil sie leicht zu einem folgenden Vokal gefügt werden, und den einfachen, reinen Selbstlautern, die keine fremde Teile mit enthalten, den Namen "geschlossen" (lukte) gegeben, weil sie einen unangenehmen Klang erzeugen, wenn ein anderer Vokal auf sie folgt. Es scheint aber, nach dem Begriff, den man sich gewöhnlich von ihnen macht, bequemer und richtiger, umgekehrt den breiten i, u, y (fast ij, uv, yj), weil sie gleichsam durch einen Konsonanten geschlossen werden, den Namen "geschlossen" (lukte), dagegen den einfachen a, e, o, æ, ö, weil sie mit einem folgendem Selbstlauter eine Lücke (et Gab) (Hiatus) bilden, und ihr Laut durch keine Artikulation angeschlossen wird, den Namen "offen" zu geben. Diesen Umtausch wolle der Leser auch an anderen Stellen vornehmen, wo diese Kunstwörter im folgenden vorkommen mögen."

De útjouwer fan de Undersøgelse hat Rask al in hantaast holpen en yn syn útjefte yn AA,I de termen al omwiksele. De lêzer fan de sitaten op s. 2 en 3 hjirfoar moat dêr dus al op fertocht wêze.

Wêr't it "gewöhnlich" ut 'e oanhelling krekt op slacht seit Rask der net by, mar in feit is dat er mei syn nije terminology oanslút by dy fan Adelung (1781). Dy makket by de behanneling fan 'e letter E sa te sjen in soartgelikens ûnderskied as Rask, al is er dan folle minder eksplisyt en moat men syn bedoeling út 'e foarbylden wei rekonstruearje. De fokalen fan it Dútske Schwert en stehen wurde troch Adelung nammentlik oantsjut as respektyflik "tiefen oder niedern, (offenen oder dunkeln)" en "höhern, (scharfen, hellen)" (s.32).

De letter E is sa 't skynt tige opfallend wat it kontrast oangiet, want ek Rask jout bygelyks yn syn Angelsaksisk Sproglære (1817) krekt by dy letter in wiidweidiger taljochting op it ûnderskied:

"e og é have adskilt sig baade i Længde og Lyd; da e har været klart og højt som æ, isl. og dansk e i Hest; é derimod dybere og bredere som vort e i lede, se o. desl." (s.4)²

(e en é skille sawol yn lingte as yn klank; omdat e helder en heech west hat lykas æ, Yslânsk en Deensk e yn Hest; é dêrfoaroer djipper en breder lykas ús e yn lede, se en sokken mear.)

Neffens myn ynterpretaasje giet it hjir om 'e lûden [ɛ] en [e]. Krekt dat pear is nei alle gedachten yndied tige gaadlik as yllustraasje. Ek yn it hjoeddeiske Frysk bygelyks hat de [e] oanstriid en skaai út nei sokssawat as [e.i].

Ek yn 'e Frisisk Sproglære is de E de letter dêr't de dûbelde útspraak it measte omtinken krijt en dêr't ek kwalifikaasjes by jûn wurde. "Det høje, åbne e" (de hege, iepene e) stiet dan foar "é (...) har haft den dybe og brede Lyd" (é hat de djippe en brede klank hân) oer. De wurden "dybe" en "brede" steane, sa't wy al sjoen hawwe, ek yn de Undersøgelse (AA,I,s.71) en yn de Retskrivningslære (s.42) en hearre dêr yndied by de sletten fariant. Opfallend is dat Rask yn de Frisisk Sproglære fan de iepene E seit dat dy beide lang en koart wêze kin (s.8). Soks wurdt yn de Undersøgelse (AA,I,s.72) foar it Yslânsk foar alle iepene lûden útholden, en neffens Piebenga (1971,111) naam Rask oan dat dat foar alle âldgermaanske talen gou. Eigenaardich is dan lykwols de oanhelling út de Angelsaksisk Sproglære op de foarrige side, dêr't fan e en é sein wurdt dat se sawol yn kwaliteit as ek yn kwantiteit skille.

Wie de behanneling fan it ûnderskied yn de Frisisk Sproglære by de E dan noch relatyf wiidweidich, by de oare letters bliuwt dy eins allinnich yn it yllustrative stykjen, meidat Rask folstiet mei in oantsjutting fan de oanbelangjende klank yn oare talen, foaral yn it Deensk. En oars as sa't it skynt yn oare wurken (sjoch Diderichsen (1960,72-81)) hat er net besocht om de fokalen fierder yn in systeem ûnder te bringen.

Oft dat der de oarsaak fan is dat Piebenga (1971,111) yn har behanneling fan 'e klinkers wat op 'e doele rekke is doar ik net te sizzen, mar dat se Rask syn bedoeling net hielendal begrepen hat liket wol wis. "Van deze benamingen geven open, smal, gesloten en breed de stand van lippen en mond aan", seit se, en even letter hjit

it: "Het is niet moeilijk kritiek te leveren op Rasks beschrijving van de Oudgermaanse vocalen. Zo zou men de aanduiding "open" voor i of u onjuist kunnen noemen, aangezien een open i of u een e of o is". Rask hat sa't wy sjoen hawwe it pear iepen/sletten net relatearre oan 'e iepeningsgraad fan 'e mûle mar oan it net of al ôfsletten wurden fan 'e fokaal troch in healfokaalach-tich elemint. Ek it twadde kritykpunt - "ook de term "diftongisch" klopt niet: í, ý en ú kunnen, zeker wan-neer. ze een korte klank vertegenwoordigen, geen twee-klanken geweest zijn" (s.111-112) - liket net hielendal ta de saak te wêzen, omdat Rask syn sletten fokalen³ om-mers dúdlik ûnderskaat hat fan de suvere diftongen.

Wat Rask mei syn adjektiven krekt bedoeld hat, en foaral wêr't er syn terminology weihelle hat, soe eins nochris fierder útsocht wurde moatte. Wat it lêste yn ferbân mei it pear iepen/sletten oanbelanget sil sa'n ûndersyk grif yn Frânske rjochting gean moatte. Men hoecht net oan te nimmen dat Rask yn 'e Frisisk Sproglære de skeanprinte wurden ouvert/fermé der allinnich foar de aardichheid by set hat.

Noaten:

- * Dit artikel is in bewurking fan in part fan in skripsje dy't ik yn it ramt fan myn stúdzje Frysk oan 'e Vrije Universiteit yn Amsterdam skreaun haw. In wichtich oanpart yn it ta stân kommen fan dit stik hat A. Feitsma hân. Foar har suggestjes, en foar it gebrûk meitsjen fan har partikuliere bibleteek, soe ik har tank sizze wolle. Tank ek oan Willy van der Meer foar de stipe by it Deensk. It seit himsels dat ik foar alle missetten ferantwurdlik bliuw.
1. Yn de Frisisk Sproglære wurdt "brede" wol brûkt by it besprek fan de E (s.8). De wjergader "smal" ûntbrekt dêr lykwols.
 2. It is oars opfallend dat Rask de adjektiven "iepen/sletten" hjir net brûkt. In oarsaak is miskien in ûnwissichheid oer de ynhâld fan de termen. De Angelsaksisk Sproglære (1817) leit ommers krekt tusken it manuskript fan de Undersøgelse (1814) en de korreksjes dêrop (1818) yn.

3. Ek foar it pear "smel/breed" hat Piebenga sa't it liket de planke wat mis roaid. Bjerrum (1959,202) seit dêrfan dat se "akkustisk betingede" (akûstysk kondysjonearre) binne, wylst Piebenga krekt in artikuloaryske oantsjutting as "geven (...) de stand van lippen en mond aan" (s.111) jout.

Bibliografy

- Adelung, Johann Christoph (1781): Deutsche Sprachlehre. Berlin.
- Bjerrum, Marie (1959): Rasmus Rasks afhandlinger om det danske sprog. København, Dansk Videnskabs Forlag.
- Diderichsen, Paul (1960): Rasmus Rask og den grammatiske tradition. København, Historisk-filosofiske Meddelelser, Bind 38, nr. 2.
- Piebenga, G.A. (1971): Een studie over het werk van Rasmus Rask, in het bijzonder over zijn Frisisk Sproglære. Ljouwert/Leeuwarden, Fryske Akademy.

Brûkte wurken en útjeften fan Rasmus Rask:

AA = Louis Hjelmslev (ed.): Rasmus Rask. Ausgewählte Abhandlungen. Kopenhagen, Levin & Munksgaard. Band I, 1932. -- idem Band III, 1932-37.

Angelsaksisk Sproglære = R.K. Rask: Angelsaksisk Sproglære tilligemed en kort læsebog. Stockholm, 1817.

Frisisk Sproglære = R. Rask: Frisisk Sproglære udarbejdet efter samme Plan som den islandske og angelsaksiske. København, 1825.

Retskrivningslære = R. Rask: Forsøg til en videnskabelig Dansk Retskrivningslære. København, 1826.

Undersøgelse = R.K. Rask: Undersøgelse om Det gamle Nordiske eller Islandske Sprogs Oprindelse. Utjûn yn AA, I, s.5-328.